



Boek oer moard to Harns: hjir en dêr dizenich

OP 6 MAERT 1894 formoarde de Harnser domeny Barger in jongfaem, dy't domenyjsuffer wol ris help to naeijen. Dy faem hjitte Catharina Helena Mirande, doe 23 jier, in dochter út in goed sitewearre keapmansgesin.

Doe 't Barger yn 1888 út Garnwerd nei Harns kaem, waerd er al gau foreale op de 17-jierrige Catootje fan doe; yn it boek wurdt se neamd Louise Wynalda. Se gyng by Barger op fragelearen en hy nam har oan as tsjerkelid. Hoewol har famylje har de omgong mei de domeny forbean hie, wist Barger syn frou to biwegen Catootje noch ienkear mei nei syn hûs to trunen foar in ôfskie, sa't hjitte. Cato biswykte. Toggearre mei de domeny yn in ôfsluten keamer woe se wêr net sa't hy woe en doe bidreau de domeny syn „Moard yn toga.”

Oer dizze moard en de net normale dieder is yn dy tiid hiel hwat skreaun en wreaun en fansels binne der ek de nedige strjitsankjes makke.

Hwerom mefrou G. Spaanderman-Wielinga yn har nije boek „Moard yn toga” (nr. 132 K. F. F. B., útjown by A. J. Osinga NV. Boalsert, ynb. f 8.90) dizze tryste saek opikkere hat? Sy woe de saek fan domeny Brongers (sa't er yn dit boek neamd wurdt) mei de wittenskip fan tsjintwurdich yn in nij en suverder ljocht stelle. Yn dy opset liket se ús ta, net bot slagge to wêzen. Yn it foarste plak is de greatste helte fan dit boek in soort famyljeskiednis — de bitochte foarfaers en -memmen fan it fanke, dat formoarde wurde soe. De fantasije is sterker as de historisiteit fan al dy neamde minsken yn it libben fan Louiskes beppe.

It wêzen en it karakter fan de domeny bliuwt hwat yn 'e dize. Foar safier wy der oer oardielje kinne, is it Harnser folkslibben wol mei echtens tekene, mar al it barren stiet safier bûten de sfear fan de forhâldingen yn de domenyshúshâlding (sûnder bern) en yn dy fan Paul Hedzers Wynalda, Louiskes heit.

Sa nou en dan is der sprake fan in pear lytse moarmeren liuwkes, hwerfan de leginde seit, dat se 'nheil bringe oan dyjingen, dy't se yn bisit hiene. Fansels stiene se ek yn domeny's studearkeamer, doe't hy de revolver brûkte! Dy liuwkes foarmje eat as in „gouden trie” troch dit gauris tryst forhael fan inkele generaesjes, hweryn de leafde net bloeije woe.

It boek lit him wol lêze, mar dat hie it mogelijk ek dien as dy bipaelde moard net op 'e eftergroun stien hie. Hwant dit boekeforhael stiet in ein fan de doe publisearre feitlikheden ôf en de personaesjes ha allegearre oare nammen krigen en de libbenmilieus skele nochal hwat. As it net neamd wie, hie nimmen der dit Harnser barren efter socht. Hwant hwa wit der mear fan? Nei '75 jier? Aldergeloks binne de moarmeren bloedreade liuwkes it eigendom fan de skriuwster wurden. Leaut se sels al of net oan 'e leginde?